

Dorpscanon van Folsgeare


Tsjaerddyk, tsjerkehûs noard



© Foto útjouwerij van der Meulen bv Snits

Tsjaerddyk, tsjerkehûs noard

Op de foto de Tsjaerddyk begjin 1900, sjoen yn'e rjochting fan Nijlân. It hûs oan de rjochterkant is it tsjerkehûs, dêr tsjinoer is de winkel fan Anne Sjrks Cossen (no nûmer 36) De froulju en bern steane foar it hûs dat no nûmer 34 hat. De jonge op'e fyts stiet tsjin de gaslantearne nêst it net beboude hiem fan it tsjerkehûs.



Op de kaart fan 1832 stiet it hûs der al.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk, tsjerkehûs noard

It earste dat yn it tsjerke argyf oer dit tjerkehûs stiet, is in betelling yn 1816 oan Sikke Willems Goenga, timmerman út Nijlân, foar “de kerkhuizinge”. Wannear’t it tsjerkehûs krekt boud is, is ûnbekend, mar nei alle gedachten sil dat nei 1800 wêze. De earste hierders dy’t wy tsjin komme yn it tsjerke argyf binne Niklaas (Klaas) Feddes Breeuwsma en syn frou Pyttje Sytses Ypma (troud yn 1830). Yn 1833 ferhúzje se en komt Jouke Rintjes Boschma, troud mei Jetske Klazes Bosma, yn it tsjerkehûs. Hja wenje dêr krapoan in jier. Yn de jierren dêrnei is it in kommen en gean fan hierders dy’t tydlik ûnderdak nedich ha.

Der binne hierkontrakten bewarre bleaun fan 1844 ôf. Dy waarden alle jierren op’e nij opmakke. Neffens it kontrakt fan 1844 wenje skuonmakker Bokke Pieters Nettinga en syn frou, naaister Jeltje Pieters Bergsma yn it hûs. Nei it ferstjerren fan Bokke Pieters yn 1845, trout Jeltje wer yn 1846 mei Douwe Lucas Elsinga dy’t ek skuonmakker is. It pear wennet dêr oant 1850. Dêrnei wennet Klaas Durks der oant 1853.

Fan 1854 ôf wurdt it huis benammen as starterswente brûkt troch de bern fan Willem Sjerps Twijnstra en Japke Pieters. Alle jonges wenje der nei harren trouwen in skoftsje. Harren âlden, dy’t der skean tsjinoer wenje, kinne moai ris by springe. As lêste fan dizze famyljetradysje wennet Nantje van Hasinge, widdow fan Willem Sjerps Twijnstra (pakesizzer fan earstneamde Willem Sjerps) der oant 1899.

Hjernei wenje Murk Postma en Trijntje Feenstra der twa jier. Klaas Feddes Breeuwsma

(pakesizzer fan de earste hierder) en Dina de Jong binne de hierders oant 1907. De nije bewenners binne Ids Schaap en Geertje Bergsma mei harren fjouwer bern.

It ûnderhâld fan it pân is in swiere belêsting foar de finânsjes fan de tsjerke en yn 1921 wurdt it oan Ids Schaap ferkocht. Yn 1929 stjert syn frou Dina en Ids komt by syn dochter te wenjen. It hûs wurdt ferkocht oan Tsjerk Wiersma en Baukje Postma út Easthim. Tsjerk is better bekend as Lytse Tsjerk en hat û.o.wurke as bakkersfeint foar bakker de Witte út Easthim.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk, tsjerkehûs noard

Lytse Tsjerk mei de
hûnekarre

foto db Folsgeare



foto útjouwerij van der Meulen bv, Snits

Dit is it oansjen fan Folsgeare om 1935 sjoen fanôf de kant fan Nijlân. It earste hûs oan de linkerkant is it tsjerkehûs.

Tsjerk Wiersma stjerdt yn 1941 op 72-jierrige leeftyd en Baukje wennet der dan allinne. Soan Wietse soarget foar syn mem. Nei de oarloch is der ferlet fan nije wenningen yn Folsgeare en nêst it tsjerkehûs komme yn 1949 nije hierwenningen. It binne twa blokjes fan twa dêr't de boerefeinten fan Folsgeare yn komme te wenjen.

Baukje stjerdt op 17 jannewaris 1959 op 88-jierrige leeftyd en it hûs wurdt kocht troch door Jelle Wiersma, dy't syn timmerbedriuw oan de oare kant fan'e dyk hat. Wybren Sweering hat ek belang by it pân, mar fisket efter it net. Wybren wie fan

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk, tsjerkehûs noard

plan om in wurkplak fan it hûs te meitsjen en dêr in boat te bouwen. Baas Jelle fynt dat in prima plan en Wybren mei it hûs brûke foar it bouwen fan in sylboat.



foto db Folsgeare



foto db Folsgeare

As de boat klear is, hielendal mei de hân makke, wurdt it hûs ôfbrutsen en bouwt Jelle Wiersma der in wurkpleats.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk, tsjerkehûs noard

De wurkpleats komt (en stiet noch) op it plak fan it tsjerkehûs, mar dan meters nei efteren, op deselde roailine as de nijbou der nêst.



foto Wytske Heida

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Wytske Heida, útjouwerij van der Meulen bv Snits, db Folsgeare

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.